



www.fnpboarnsterhim.nl

Utnoeging

Polityk kafee: by watfoar gemeente moat Warten?

Achte ynwenners fan Warten en omkriten,

Op 1 maart oansteande organisearret de FNP in jûn oer de takomst fan Warten en de Alde Feanen. It giet oer de fraach by watfoar gemeente soenen Warten en de Alde Feanen skielk falle moatte? By Tytsjerksteradiel, Ljouwert, Smellingerlân? Of fierder yn in grutte plattelânsgemeente Mid-Fryslân?

Yn in 'polityk kafee' sille ferskate minsken har miening hearre litte: wy hawwe doarpsbelang Warten, Wergea en Earnewâld, it Fryske Gea, de Húskeferiening Princenhof en de politike partijen frege om har stânpunt hearre te litten. Mar wy binne fansels ek benijd no jo miening! As FNP fine wy it 'fan ûnderen op' prinsipe belangryk.

Lit it hearre op 1 maart, 20.00 oere yn De Brigantijn. Jo binne fan herten wolkom.

Hooplik oant dan,

Mei freonlike groetnis,
Bestjoer FNP Boarnsterhim

Sybren Posthumus, foarsitter FNP-Boarnsterhim
0566 – 602928